

tradisjonele boarterij op it Littenser pleintsje.  
Jou De Trije der ek in folwoeksen rol yn, dy  
Frentsjerter akkommodaasje wurdt no  
yntinsiver brûkt foar oare funksjes as foar it  
keatsen dêr't se, alteast yn namme, foar  
ornearre wie.

Troch sa'n stevich programma dat de gong en  
dus it ritme deryn hâldt - hûndert partijen is  
it wol it minste - kweke jo toppers, dêr't it folk  
nocht oan krijt. Dêr't de jeugd dy't de takomst  
hat, ek wer niget oan ha sil, en net inkeld dy  
út de bewende bou- en greidedoarpen, mar ek  
út de stêden. Faaks hat de Ljouwerter LKC  
dan kar út eigen kweek om nei fjirtich jier  
werris hege eagen te smiten op de Freule.

De kosten, freegje jo? Ja, earst is in fikse  
ynvestearring nedich, mar as dy har útbetellet  
yn sukses, komme de sponsors fansels.

Ik jou ta: sa'n idee is fansels te healwiis om op  
in KNKB-gearkomste mei oan te kommen.  
Dat moat ek net, tradysjes kinne jo yn dat  
fermidden net samar oan de kant skowe. Nee,  
sa'n plan moat yn de weak lein wurde. Belis,  
om te begjinnen, breinstoarmsessys yn de  
Bogt of It Grauwe Paard mei sokke âld-, mar  
noch net lang útpraten toppers as De Brand  
- dochts de Ard Schenk fan de keatsery - en  
Piet Jetze, Sake Saakstra, de Van Wierens of  
wa't him of har mar roppen fielt om it keatsen  
wer ta folkssport nûmer ien te meitsjen, en lit  
de geasten waaie. En haw lak oan tradysjes.

Pieter de Groot

## Gouden jubileum fan kaatsvereniging “St. Anna”

1899 - 1949

### Gouden jubileum fan de kaatsvereniging "St. Anna"

St. Anna fiert fandaach een feest,  
Een jubile fan goud,  
De kaatsvereniging fan 't dorp  
Wordt fyftich jeren oud.  
Wat binn' er in dy fyftich jaar  
Een hult partijen keatst,  
Wat binn' der in 'e Avila  
Een hovenslaggen plaatst.  
De Suddugs van St. Annemet  
Dat waar de grote dag,  
Dan woel op elke hoek fan 't land  
De rood-wit-blanwe flag.  
Excelsior gaf op 'e tint  
Een fleurich stik mesyk,  
En om 'e touwen ston een hoach  
Fan groot en klain peblyk.  
De waaije fris in 't Meitieds groen,  
Die laei er praechtich bij  
En de alderbeste kaatsers gaven der  
Inander flink partij.  
De Idsen, Teede, Nanning, Keut,  
de Belkummers de Haan  
Wat hê se feak in 't fuur fan 't spul  
Hier in 'e krite staan.  
Maar ok St. Anna speulde met,  
Gewoanlik het petuur  
Fan Rinze, Arrien, Dirk de Jong,  
By kwammen dan in 't fuur,  
Wat leefden w. allegaar dan met  
As Rinze een boven sloeg  
Soms over 't hek de grippel in,  
Dat waar wel feer genoeg.  
As jonges waren we in 't spul  
Met kaatsamerkerij  
En skeldden soms er met een kaats  
Wel ris een handbrê bij.  
Maar och, de pries-gong meestal fort,  
Al kaatsten ze ok best,  
Der in 'e Se omloop of,  
Al wonnen se 't soms hest.  
Maar dan de jonges út ons dorp,  
Die waren heel wat mans,  
En kwammen faker as een keer  
Naar huus toe met de krans.  
In '18 wonnen Hannes, Ype en Rinze  
Te Wommels de eerste pries,  
De gouden klokkies kwammen hier  
Wat waar St. Anne wies!  
En tien jaar later nag een keer,  
Met Jan en Teun en Handt/A  
En fleden jaar doe had St. Anne  
Al weer een reuze kans.  
Men winste Bergsma al geluk,  
Maar ja, die spul is út,  
Vijf eersten is, nag niet genoeg,  
De premie waar 't besluit.

Het Kaatsen laigt in Bilkert hooch  
Dat hoort er seumers bij.  
En morren komt weer jong en oud  
Hier bij de kaatspartij.  
Drie fietsen as de eerste pries,  
Dat bringt de krieck der in,  
Maar dochts de sport met hoofdzaak bli'  
Niet inkeld het gewin.  
Ik wîns 't bestuur geluk fandaach,  
Met 't gouden jubilé,  
'k Hoop dat "St. Anna" bloeie mag  
In foerspoed en in free,  
En as an't eand van deuze eeuw  
De honderd is behaald  
Het kaatsen in St. Anna nag  
In felle glorie straalt.

Franeker, 21 Mei 1949.  
H. van Loon



Hendrik van Loon as keatser. Fierdere  
gegevens ûnbekend.

### Neiskrift redaksje

Wy hawwe dit gedicht mei sin yn de  
oarspronklike lay-out stean litten: dy wie yn  
1949 by de tiid, mar no fansels slim  
ferâldere.